



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Foar de pakesizzers fan Fedde Schurer [Review of: Johanneke Liemburg (2010) Fedde Schurer 1898-1968. Biografie van een Friese koerier]

Hemminga, P.

published in

Ensafh

2010

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (2010). Foar de pakesizzers fan Fedde Schurer [Review of: Johanneke Liemburg (2010) Fedde Schurer 1898-1968. Biografie van een Friese koerier]. *Ensafh*, 2, 18-25.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Foar de pakesizzers fan Fedde Schurer

Piet Hemminga

Op 25 maart 2010 is Johanneke Liemburg oan de Ryksuniversiteit Grins promovearre op it proefskrift *Fedde Schurer 1898-1968, Biografie van een Friese koerier*. Op mei-elkoar 568 siden, fiifenfjirtich siden mei ôfbyldings en nochris sa'n fjirtich siden mei in literaturoersjoch en in register ynbegrepen, en yn fyftjin haadstikken beskriuwt de biograaf it libbensferhaal fan de bewegingsman, dichter, politikus en sjoernalist Fedde Schurer. Dat ferhaal begjint mei de earste jierren yn Drachten en dêrnei, fan 1904 oant de twadde helte fan 1930, op 'e Lemmer. Dan fan 1930 oant medio 1946 yn Amsterdam, en dêrnei, oant de libbensein, op It Hearrenfean.

IN FRYSKE KOERIER

Op 'e Lemmer giet de lytse Fedde nei deselde kristlike legere skoalle, as dêr't yn 1919 syn wurk as skoalmaster útein set en dêr't syn frou Wil de Vries, oant harren trouwen yn 1924, ek oan ferbûn is. Yn 1920 slút Schurer him by de Fryske Beweging oan. Nei in koart lidmaatskip fan Douwe Kalma syn Jongfryske Mienskip slút er him by it Kristlik Frysk Selskip oan. Schurer hat him dan al op it dichterspaad bejûn. In earste bondel sil fiif jier letter ferskine. Yn datselde jier wurdt de jonge Schurer al de foarman fan it KFS en dêrnei feitlik fan de hiele Fryske Beweging.

Yn de haadstikken trije en fjouwer beskriuwt Liemburg de warbere rol dy't Schurer spilet as bestjoerder en foaral ek as skriuwer, yn dy foar de Fryske Beweging sokke fruchtbere jierren. Mar de warberens fan Schurer bliuwt net beheind ta de Fryske Beweging en organisaasjes as it KFS, de Upstalbeam en it Striidboun, ek Kerk en Vrede en de Christelijk-Democratische Unie, yn 1926 ûntstien út de links oriïntearre flanken fan ARP en CHU, freegje syn ynset. Schurer wurdt de noardlike kandidaat foar de Twadde Keamer. Dy kar falt net goed by Schurer syn skoalbestjoerders. Se roppe him op it matsje. En as de haadredakteur fan it *Friesch Dagblad* yn mar leafst santjin haadartikels it yn syn eagen ferkearde tinken fan Schurer, ferwurde yn in ferkiezingstaspraak yn Ljouwert en dêrnei as brosjuere *Kristendom en Oarloch* útjûn, oan de kaak stelt, komt it skoalbestjoer, echte Kuyperianen, yn aksje. Schurer syn anti-militêrisme past net by it Calvinisme, syn brosjuere is net grifformearde. Sjoen it belang fan de saak foar it rjocht fan praten fan de hiele Fredesbeweging is Schurer net fuortendaliks fan doel om belies te jaan. Dat docht er ek net, mar dochs lûkt er, ûnder protest fan syn meistanners en begelieding fan lanlike publisiteit, oan it koartste ein. Haadstik 5 docht wiidweidich ferslach fan dy Lemster skoalkwestje.

It Lemster konflikt mei skoalle, en ek tsjerke, betsjut foar Schurer en syn frou in nij wenplak, wurk en tsjerke. Amsterdam komt yn it plak fan 'e Lemmer, it iepenbier ûnderwiis ferfangt it kristlik ûnderwiis en foar de Griffomearde Tsjerke komt yn 1932 de Parktsjerke, in Hersteld Verband-tsjerke mei as foargonger Jan Buskes, yn it plak. De haadstikken 6 en 7 dogge dêr ferslach fan. Schurer wurdt yn syn Amsterdamske jierren lid fan de Christelijke Auteurskring, sûnder lykwols de Fryske skriuwerij oan 'e kant te setten of de kontakten mei Fryske auteurs en ferbannen te ferliezen. Dat jildt ek foar de oarlochsjierrren. Yn it earstoan nimt Schurer in ôfwachtsjende hâlding foar de besetter oer oan, mar yn de rin fan de tiid feroaret dat, sa't û.m. syn *Lied op den verrader Frans Vergonet* sjen lit. Hy skriuwt yn dyselde jierren it drama *Simsom* en publisearret de blomlêzing *Fiif en tweintich Fryske dichters*. Noch yn de oarloch docht er in set op in skoalmastersfakatuere yn Fryslân, mar dat rint op neat út.

Haadstik 8 beskriuwt Schurer syn weromkommen nei Fryslân, as er frege wurdt om redakteur fan de *Heerenveensche*, letter *Friese Koerier* te wurden. Krekt foar it begjin fan syn krantetiid wurdt er ek redakteur fan it nije literêre tydskrift *De Tsjerne*, dat yn 1946 begjint mei it ferneamde, troch Schurer skreaune mission statement: 'De binning forbritsen'. It folgjende haadstik giet op de *Friese Koerier* yn

en Schurer syn keunstsinnige warberens mei it opfieren fan Simsom en it ferskinen fan it ek yn de oarlochstiid makke *It boek fan 'e psalmen*, dêr't it provinsjaal bestjoer him yn 1949 de Gysbert Japicxpriis foar takent.

Twa haadstikken fierder komt de hiele gong fan saken oangeande Kneppelfreed oan 'e oarder, dêr't it foarspul al yn 1948 mei de taal fan de Boarnster molktappers fan begjint. Dat is it part fan it boek dat oaren al faker beskreaun en dokumintearde hawwe. Kneppelfreed hat Schurer, yn alle gefallen ûnder de Frisiasten, in grutte namme jûn. It hiele barren stiet foar it begjin fan it noch altiten beheinde Haachsk besef dat it Frysk mear is as in dialekt en dat der wat dien wurde moat om de efterstelde posysje fan de Fryske taal tebek te kringen. Ik wit trouwens net oft elke lêzer foar it ferstân hawwe sil wat in frije molkfabryk lykas dy fan Aldeboarn wie, sa't dy troch Liemburg op side 255 neamd wurdt.

Schurer syn namme soe dêrnei lytser wurde, sa skriuwt Liemburg yn haadstik 11 'De eerste krassen'. Dy earste kraskes begjinne mei Schurer syn meiwurkjen oan de nije Nederlânske psalmberiming, dat nei in entûsjast úteinsetten al ridlik gau op 'e non rint as Schurer syn wurk net de ûntfangst fan de kollega-dichters kriget dy't er hopet of ferwachtet. Syn meiwurkjen rint op in teloarstelling út, op it lêst bliuwe allinne de beriming fan psalm 13 en inkelde rigels fan psalm 19 noch oerein. En ek mei de skriuwer Anne Wadman komt it ta in brek, lykas ek al beskreaun wurdt yn it yn 2009 ferskynde proefskrift *Grimmig eerlijk* fan Joke Corporaal. De mannen binne op mear as ien punt sa ferskillend fan elkoar dat oparbeidzjen yn de Tsjerne-redaksje ûnmooglik wurdt. Feitlik giet it om in generaasjekonflikt. Schurer begjint de oansluting mei de feroarjende tiden te missen, lykas ek nei foaren komt yn syn opfettings oer it fûl anti-nasjonalistyske tinken fan J.B. Charles, de literêre warberens fan it nije tydskrift *Quatrebras* of it ynstellen fan de Rely Jorritsmaprizen en, wer wat letter, út syn resinsje fan Wadman syn *De smearlappen* en Van het Reve syn *Op weg naar het einde*. 'Schurer realiseerde zich in die tijd onvoldoende hoe Friesland veranderde', sa skriuwt Liemburg.

Haadstik 12 giet oer Schurer syn histoarysk spul *Bonifatius*, syn brosjuere *Protestants Protest* tsjin it mandemint fan de Nederlânske biskoppen fan 1954, en syn twa jier dêrnei begjinnende lidmaatskip fan de Twadde Keamer. As PvdA-keamerlid kriget er sân jier lang de gelegenheid om by it behanneljen fan de definsjebegrutting syn atoompasifistyske opfettings nei bûten ta te bringen, mar fierders lit er him amper yn dat fermidden hearre. Yn haadstik 13 giet de biograaf yn op de aksje 'De Lauwerssé moat ticht', dy't, nei Kneppelfreed, op 'e nij de ôfstân tusken Den Haach en Fryslân dúdlik makket en dêr't Schurer de kâns kriget om op in demonstraasje yn Ljouwert nochris alle registers fan syn retoaryske talinten iepen te lûken. Dyselde aksje sil mei oan it begjin fan de Fryske Nasjonale Partij stean, in foarstap dy't troch Schurer hurdhannich ôfwiisd wurdt. Dat wurdt him dêrnei troch mear as ien Frisiast net yn tank ôfnommen. Dan folgje noch twa sturtswyljende haadstikken: 'Uitgespeeld?' en 'Achteraf'. It earste freget omtinken foar kwestjes dêr't Schurer oer skriuwt of mei te krijen hat lykas de twa- en ientaligens fan de legere skoalle yn Gytsjerk, Bauke de Jong syn oardiel oer E.B. Folkertsma en it oardiel fan Laurens ten Cate, syn opfolger by de Friese Koerier, oer it ûnfermogen om nochteren oer de Fryske kwestje te redendielen. Op 19 maart 1968 komt der ûnferwachte in ein oan Schurer syn libben.

Yn it lêste haadstik makket Liemburg de balâns op en wurde de kearpunten yn it libben fan Schurer nochris op in rychje set. It yn de kunde kommen mei Douwe Kalma foar syn ferhâlding ta it Frysk, it spul mei it Lemster skoalbestjoer, it ferfarren nei Amsterdam en it nei de oarloch weromkommen nei Fryslân, binne, neffens de biograaf, dy kearpunten. De balâns makket dúdlik dat Schurer yn syn tiid grutte hichten en lichten kend hat en dat er as polemisk Frysk dichter sûnder wjergera is, mar dat er tagelyk dochs wol bot troch de tiid ynhelle is.

Dat alles witte wy no mei tank oan it libbensferhaal dat Liemburg kreas dokumintearde opskreaun, en de Friese Pers Boekerij yn in mansk boek útjûn hat. Dat is lykwols mar ien kant fan it hiele ûndernimmen. De oare kant is dat de stúdzje oer Schurer as proefskrift ferdigene is.

Dat it om in proefskrift giet betsjut dat mear ferwachte wurde mei as allinne in linich skreaun libbensferhaal. Sa mei in wittenskiplike kant ferwachte wurde, mei bygelyks in heldere probleemstelling en dúdlik formulearre ûndersyksfragen en, yn it gefal fan in biografy mooglik noch dreger, in teoretyske ynfalshoeke. Lykas yn de measte 'wittenskiplike' biografyen mist ek it boek oer Schurer lykwols sa'n heldere probleemstelling en in teoretyske benadering. Wol formulearret Liemburg, ferspraat yn de goed tsien siden fan it 'Vooraf', in tal fragen dat as programma foar har stúdzje nei Schurer sjoen wurde kin. Sa freget se har ôf oft de persoan, de politikus en de dichter Schurer wol fan elkoar te skieden binne. In oare fraach is wat ynfloed Schurer syn kristlike (tsjerklike?) eftergrûn op de Schurer fan letter hat. En spilet foar de oarloch it garisma fan Schurer mei yn de populêrens fan Schurer doe? En bleau de man nei de oarloch like populêr? Waard er nei de oarloch in Fryske koerier? Foeget in biografy oer Schurer wat ta oan syn yn 1969 útkommen autobiografy? Wat is it gearhingjen yn de ûnderskate fasetten fan libben en wurk fan Schurer? En, ta beslút, hoe wie it foar frou Schurer om yn it skaad fan sa'n man te libjen?

Dy lêste fraach liket my typysk it gefolch fan in missende probleemstelling, want hie dat oars west, dan hie ek fan it begjin ôf dúdlik west dat it net om frou, mar om man Schurer giet. It boek jout trouwens gjin andert op dy fraach, oars as dat se jierren nei de dea fan Schurer, harsels noch foarstelt as 'Ik bin de frou fan Fedde Schurer'. Mar slimmer is dat ek it wêrom fan de oare fragen net dúdlik makke wurdt. Wêrom bygelyks freegje oft de persoan, de politikus en de dichter Schurer fan elkoar te skieden binne? Moat dat dan en kin dat? En is it relevant om de populêrens fan Schurer fan sawol foar as nei de oarloch nei te gean? De resepsje fan syn literêre wurk hie yn de reden lein, mar populêrens? En moat de tsjerklike eftergrûn fan de Schurer fan earder net neigien wurde, as dy foar de Schurer fan letter al ûndersocht wurdt? En dat de biografy wat tafoeget oan de yn 1969 útkommen autobiografy, mei dochs ferwachte wurde, oars hie in werprintinge fan dy autobiografy earder yn de reden lein.

De biograaf neamt op side 24 har politikologyske eftergrûn, mar de troch har stelde fragen hawwe dêr amper wat mei te krijen. Hie dat oars west, dan hie 'k my yntinke kinnen dat bygelyks de kar fan Schurer, lykas dy fan oare liedende Fryske politisi flak nei de oarloch, foar in lanlike partij, en it dêrmei dreech meitsjen fan in provinsjale partijfoarming, in sintraal omtinken krigen hie. Wêrom net de ferbining tusken dichter en beweging/politikus, de twa kanten fan Schurer, fierder útdjippe? En wêrom gjin analyse fan it politike tinken fan Schurer, sa't dat nei foaren komt yn syn dichterskip en beweging, politikus en sjoernalist wêzen? Krekt dat tinken waard dochs yn de jierren nei de Earste Wrâldoarloch foarme en soe nei de Twadde Oarloch, foaral as it giet om syn literêre opfettings, botse mei dat fan de jongere generaasjes. Hat der feitlik wol folle ûntwikkeling yn it tinken en de opfettings fan Fedde Schurer west? Spitigernôch wurdt dy fraach net yn it boek steld en fan gefolgen it antwurd net jûn.

Ek de motivearring fan Liemburg om har boek yn it Nederlânsk te skriuwen komt net út in wittenskiplik betinken fuort. Schurer sels hie it leafst sjoen dat syn biografy yn it Frysk skreaun wie, sa skriuwt se op side 26. Dat is net ûnmooglik, want dichtet Schurer bygelyks yn syn 'Domine Hollanist' net oer de dûmny dy't it folk yn 'e taal fan Hollân' oansprekt: 'Sa, sà smytst dyn eare wei' en 'skamje dy'. Dat sil foar syn biograaf mooglik net oars jilde. Hoewol, wienen Schurer syn kommentaren yn de *Friese Koerier* yn it generaal ek net yn de taal fan Hollân? En waard syn foar it Frysk wichtige haadartikel 'De laatste man van de Zwarte Hoop?' yn 1951 net yn it Hollânsk skreaun?

De fraach wêrom't Liemburg it boek dochs net yn it Frysk skreaun hat, wurdt beândere mei Bart Tromp syn fraach oft 'de speciale positie die het Fries als cultuurtaal in Nederland heeft verworven een laatste reliëk [is] in een proces waarin het lokale steeds meer opgaat in het nationale, of gaan

hedendaagse processen van mondialisering juist het werken en spreken in twee talen steeds vanzelfsprekender maken?’ Dat is in nijsgjirrige fraach, mar, sa liket my ta, noch krekt gjin antwurd op de fraach wêrom’t it boek oer Schurer yn it Nederlânsk skreaun is. Liemburg lit it dêr dan ek net by, mar tinkt dat foar Schurer syn eigen kar it feit dat syn beide pakesizzers, net yn Fryslân berne of opgroeid, it boek no lêze kinne, de trochslach jûn hie. Dat tinken giet net allinne foarby oan de ferantwurdlikens fan de skriuwster sels, mar ek oan it feit dat in dissertaasje yn earste ynstânsje net foar pakesizzers, mar foar it wittenskiplik foarum skreaun wurdt. En dat foarum is, net yn it lêste plak dat yn Grins, hiel wat mânsk as it om taal giet!

HERTSTOCHTLIKE BRIEVEN

It haadstik ‘Een fijne jeugd’, faak ien foar de biograaf dreechste, minst dokumintearde perioaden yn in minskelibben, giet op de, winliken hiel beheinde, oplieding en foarming fan de jonge Schurer yn. Liemburg lit witte dat Schurer net sa’n bêste legere skoalle besocht hat en dêrnei, nei twa jier normaalskoalle, de ûnderwizersakte helle. Dat is dochs op syn minst bysûnder te neamen as dêrnei de eruditens en talinten fan de jonge Fedde Schurer yn byld komme. It is ek bysûnder as betocht wurdt dat de normaalskoallen yn 1917, it jier dat Fedde Schurer mei syn lessen útein sette, al jierren fanwegen de minne kwaliteit fan it ûnderwiis ûnder fjoer leinen en feitlik nei de komst fan de earste kweekskoallen nei 1900, har tiid al hân hienen. Fansels, de jonge Schurer wie lid fan de Lemster jongelingsferiening, mar ik hie graach mear oer Schurer syn foarming, doe en letter, en dyjingen dy’t dêr in rol yn spilen, lêze wollen. No giet de biograaf wol hiel gau op Schurer syn jierren yn de Fryske Beweging oer.

It is my trouwens net dúdlik wurden hoe’t Schurer trouwens by dy Beweging komt. Wis, de biograaf skriuwt dat de beide brosjueres fan Douwe Kalma, dy’t Schurer op de Friezendei fan 1919 oanskaft, it Frysk besef yn him wekker roppe. Kalma makket in grutte yndruk op Schurer, dat stiet fêst. Liemburg hat it oan de ein fan har stúdzje, op side 422, ek noch oer hertstochtlike brieven dy’t Kalma oan Schurer skreaun hat. Wêrom komt de lêzer dêr neat fan tsjin, as it giet om Schurer syn koarte lidmaatskip fan de Jongfryske Mienskip? Hawar, dat Schurer om’t er ûnder de yndruk fan Douwe Kalma rekket, him by de Fryske Beweging oanslút, liket my hiel plausibel ta. Allinne, yn it begjin fan it boek, op side 21, skriuwt Liemburg feitlik wat oars, nammentlik dat de dichter Schurer him by dy Beweging oanslút fanwegen syn ferlet fan publyk. En ek al wie it dichterskip foar Schurer begjin tweintiger jierren it meast wêzentlik, syn earste publikaasje soe earst fiif jier letter ferskine. Slút immen him by in beweging oan werklik fanwegen it ferlet fan publyk? It finen fan meistanners of lykstimde sielen liket my in motivearring dy’t dochs hiel wat earder yn de reden leit. En giet it by Schurer net foaral om in temjitte kommen oan syn romantysk tinken en fielen oer Fryslân, dat troch Kalma sa skoander ferwurde wurdt? Dat wurdt ek wat ûnderstreke mei it sizzen dat de leafde foar it heitelân by Schurer binnen de koartste kearen sa grut wie, dat syn freon Inne de Jong him witte liet dat it net syn sûnens kostje moast....

De hertstochtlike brieven fan Kalma wurde troch Liemburg neamd as se Schurer as in sjarmeur kwalifisearret. ‘[M]aar’, sa giet se fierder, ‘er zijn weinig aanwijzingen dat hij zijn Wil ooit ontrouw is geweest. Vanwege zijn aantrekkingskracht op vrouwen en mannen is daar veel over gespeculeerd.’ Liemburg neamt de spekulanten noch it bewiis, mar wol trije lju dy’t him wakker ferearje: Lipkje Post-Beukens, Anne Buma en as tredde Douwe Kalma. It erchtinken komt lykwols net fierder. En dat betsjut dat in biograaf, dy’t holden is oan it twingend ramt fan in proefskrift, net oer sa’n net bewiisde bewearing oangeande in dwaan en yn dit gefal litten fan de haadpersoan skriuwe moat. Dat hie oars west as it amoereus hâlden en dragen fan de haadpersoan syn oantobere gefolgen foar wurk en bestean hân hie.

TE MIN BYT

Yn it ‘Vooraf’ skriuwt Liemburg in oardiel jaan te wollen oer in kwalifikaasje fan Eeltsje Folkertsma dy’t sein hat dat Schurer syn libben tagelyk syn bêste fers is. Dat oardiel folget net, en dat is mooglik ek mar better, want soks liket my noch in drege opjefte ta foar in biograaf dy’t gjin dûmny is of wêze wol. Hoewol, de dissertaasje is op 25 maart 2010 wol yn de fakulteit fan de Godleardens en Godstjinstwittenskip oan de Grinzer Universiteit ferdigene. It is yn dat ramt fansels ek spitich dat de stúdzje net krekt wat mear ynformaasje jout oer de ynfloed dy’t Schurer syn kristlike eftergrûn op himsels hân hat. Mar ek dat is in drege fraach, lykas dy, en it wurk fan Max Weber oer dat ûnderwerp wurdt net iens oanhelle, nei it garisma fan Schurer. En dêrmei kom ik werom op myn fraach wat krekt de wittenskiplike kant fan de biografy yn it algemien en dy oer Fedde Schurer yn it bysûnder, feitlik foarstelt.

Johanneke Liemburg is, neffens har eigen ynformaasje op side 24, har wurksom libben yn de sjoernalistyk begûn. Mei dy eftergrûn past har proefskrift yn in rige fan aktuele proefskriften/biografyen, dy’t allegear in (âld-)sjoernalist as auteur hawwe. Roelof Bouwman (W. Aantjes), Ton Crijnen (Titus Brandsma), Piet Jan Hagen (P. J. Troelstra), Aukje Holtrop (Nynke fan Hichtum), Tessel Pollman (J. A. Ringers), Paul van der Steen (J. Cals), Wim Weenink (J. W. Beijen), Harry van Wijnen (D.G. van Beuningen) en Annejet van der Zijl (Prins Bernhard) binne stik foar stik biografen mei in sjoernalistike eftergrûn. Op de boeken oer Titus Brandsma en Van Beuningen nei, binne dy biografyske stúdzjes ek as proefskrift ferdigene.

Dy stúdzjes binne allegear, de iene wat mear as de oare, nijsgjirrige libbensbeskriuwings dy’t dwaan en litten fan de haadpersoan yn relaasje ta de persoanlike en maatskiplike kontekst, besykje helder te krijen en te ferklearjen. Dy nijsgjirrigens hinget net allinne fan de biograaf ôf, mar hat ek te krijen mei de haadpersoan. De bravens, freonlikens en minlikens fan Schurer, sa’t dy út de stúdzje fan Liemburg nei foaren komme, jouwe ek krekt wat minder byt as bygelyks de haadpersoanen dêr’t respektivelik Piet Hagen en Aukje Holtrop oer skreaun hawwe. Mei dat foar eagen moat ik sizze dat Johanneke Liemburg in skoander boek oer Fedde Schurer skreaun hat, dat my as proefskrift lykwols hiel wat minder foldien hat.

Johanneke Liemburg, *Fedde Schurer 1898-1968*, Friese Pers Boekerij, Ljouwert, 2010